

Twa etymologyske stúdzjes: Westerlauwerskfrysk *nuet* en Egmondsk *glaai*/Sölring *glaat*

Arjen Versloot

Zusammenfassung

*In diesem Aufsatz werden Etymologien für zwei friesischen Wörter vorgeschlagen, die bisher nicht oder ungenau ermittelt worden waren. Nachdem das Material und bisherige Etymologien kurz erörtert worden sind, wird die eigene Interpretation vorgestellt. Das westfriesische *nuet* 'zahn' wird Altnordisch *nýtur* 'nützlich' gleichgestellt, während Deutsch Nutzen, nützlich in Ablautverhältnis zu jenen Wörtern steht. Die zwei zugrundeliegenden urgermanischen Adjektiven **neutja-* und **nutja-* sind in der Germania fast völlig Raumsynonyme: der erste im Norden, der zweite im Süden. Im Friesischen sind beide als Erbwort belegt.*

*Die schon bekannten Wörter Syltringer *glaat* 'Dünenschlucht' und Wangerooger *glattuu* 'untiefe Priele' werden im zweiten Teil zu Egmonder Holländisch *glaai* 'Eingang in die Dünen' in Verbindung gesetzt, woran sich das Englische *glade* 'Lichtung im Wald' leicht anschließen läßt. Es handelt sich um einen Wortstamm **glad-*, die wir auch in Glatze, *glatt* finden. Die Bedeutung von 'Öffnung, Durchgang' scheint ausschließlich Nordseegermanisch zu sein.*

Ynlieding en probleemstelling

Yn dizze etymologyske stúdzjes giet it my om twa opfallende Fryske wurden. Opfallend dan yn ferliking mei oanswettende talen, om't de wurden dêr net foarkomme of allinnich mei in nochal fan de Fryske ôfwikende betsjutting. Ik besykje it spoar fan it wurd yn it Frysk te folgen, ik sjoch at it wurd foarkomt/-kaam yn oare Germaanske talen en at der bysûndere betsjuttingsûntjouwings yn it Frysk binne. Ik besykje it wurd sa syn plak mank de Germaanske talen te jaan. De stikjes hawwe in fêste opbou:

- Ik begjin mei in oersjoch fan de foarmen fan it oanbelangjende wurd; foar it Frysk en de dialekten mei Frysk ad- of substraat sa folslein mooglik.
- Yn it twadde diel jou ik de etymologyen dy't oan no ta yn de literatuer jûn binne.
- Yn it tredde part besprek ik it materiaal út A en B en jou in eigen etymology.
- Ta beslút jou ik de wichtichste konklúzjes fan it wurdûndersyk.

Westerlauwerskfrysk (Wlfr.). NUET

A. Foarmferskaat

Wlfr.

nuet, njút

Midfrysk

nuut (1779c sj. Estrikken 22, 188-210)

Wangereagersk

niuutelk 'niedlich'

Fêstewâlnoardfrysk

Bökingharde *njút* 'nuttich'

Nordergoesharde *njōti* 'nuttich'

Wiedhingharde *njōtik* 'nuttich'; *njōti* 'niedlich'

Biltsk/Ljouwertersk	<i>nuet</i> ‘nuet’
Yslânsk	<i>nýtur</i> ‘nuttich’
Ingelsk	<i>neat</i> ‘netsjes’; it is oars net wis at Ingelsk <i>neat</i> hjir ek thúsheart (sjoch besprek).

B. Etymologyen

It WFT ferwiist by *nuet* foar de etymology nei in Aldfrýsk *niōd* dat ‘wille’ betsjutte. It wurdt hat parallellen yn de oare âlde Westgermaanske talen. De stam is fierder noch bewarre yn it Heechdútske *niedlich*. Kloosterman (1907, 60) bringt *nuet* hiel koart te plak: hy set *nuet* ûnder de ‘oudwestfriesche iū’ en ferwiist nei Aldnoarsk *nȳr*.¹

C. Besprek

De einichste *-t* fan *nuet* makket in ferbân mei Aldfrýsk *niād* ûnwierskynlik. Ek de betsjutting strykt net en it is ek nochris in oare wurdsoarte (haadwurd ynstee fan eigenskipswurd). Aldfrýsk *niād* kin better mei Wlfr. *nju* ‘nocht’ yn ferbân brocht wurde (sj. WFT 14, *nju*)². De Fryske foarmen dy’t ûnder A neamd binne, wize – sa’t Kloosterman terjochte opmurken hie – op in Aldfrýsk **niūt*. De Wlfr. fariaasje /yø/~ju./ fine wy ek yn oare wurden mei in Aldfrýsk /iū/ werom: *lue* - *ljūwe*, *wuede* - *wjūde*, *fuer* - *fjoer*. Ut de oerlevere Yslânske en de rekonstruearre Aldfryske foarm kin it bestean fan in Oergermaansk eigenskipswurd **neutja-* ôflaat wurde. It eigenskipswurd **neutja-* hinget gear mei ús tiidwurd *genietsje*. De etymologyske wjergaders fan dat tiidwurd fine wy yn suver alle Germaanske talen. De betsjutting is oarspronklik ‘profyt hawwe fan’. It eigenskipswurd **neutja-* wie dus ‘profytlik, nuttich’.

De measte East- en Noard-Fryske foarmen hawwe de ‘Dútske’ efterheaksels *-i(g)* en *-lik* krigen; wy sjogge dêr morfologyske ynfloed fan it Heechdútske *nützlich*. It Wiedingharder *njōti* en Wangereagersk *niuutelk* binne net allinnich yn foarm mar ek yn betsjutting beynfloede troch it Heechdútske *niedlich*, dat etymologysk besibbe is mei it by B. neamde Aldfrýsk *niād*. It kinne ek streekrjochte lienoersettings fan Leechdútsk *nütelk* ‘niedlich’ wêze.

Yn it Leechdútsk fan East-Fryslân besteane nêstinoar *nüttelk* en *nütelk* (De Vries 2000) en yn dat fan Sleeswyk-Holstein *nütt* en *nüdli* (Mensing 1931), nei-inoar ‘nuttich’, ‘niedlich’. It earste is hieltiten besibbe mei Wlfr. *nuttich*, it twadde mei it al neamde Aldfrýsk *niād* en Heechdútsk *niedlich*, Aldsaksysk *niudliko*. Troch einferskerping fan de *-d* oan de iene kant en de stimhawwende útspraak fan ynterfokalyske bylûden lykas de *-t-* oan de oare, binne yn it Leechdútsk foarmen fan de stam *nut-* en *niūd-* trochinoar rekke. Sa kin it komme dat de neiteam fan *niūd-* yn it nijere Leechdútsk mei in einichste <D> foarkomt. Ik haw lykwols gjin opjeften of sels mar spoaren fan in Leechdútsk **niūt-* mei de betsjutting ‘profytlik, nuttich’ fûn.

As eigenskipswurd fine wy yn de Germaanske talen fan de stam **neut-* allinnich wjergaders yn it Frysk en de Skandinavyske talen (ferlykje de ferwizing dy’t Kloosterman al jout). Dêr kin mûlk it Ingelsk noch oan taheakke wurde (sjoch fierderop).

Yn it Nederlânsk, Leechdútsk en Heechdútsk komme wy wurden fan de Oergermaanske stam **nut-* tsjin, bgl. Ndl. *nut(tig)*, Leechdútsk *nütt* ‘nut(tich)’, Heechdútsk *Nutzen/nützlich*. Dy stam stiet yn ablaufferhâlding ta **neutja-*. As eigenskipswurd hie

it deselde betsjutting as **neutja-*. Yn it Frysk ûndergie it lûd yn it eigenskipswurd umlaut en ûntrûning en waard it wurd ta Aldfrysk: *nette* ‘nuttich’ < Oergermaansk **nutja-*.

Sjoen de Aldfryske foarm *nette* mei umlaut en ûntrûning moatte Wlfr. *nut* en *nuttich* oan it Nederlânsk ûntliend wêze. Aldfrysk *nette* soe in Wlfr. **net* opsmite. Nederlânsk *net* ‘kreas’ (Wlfr. allinnich as ferlytsjend eigenskipswurd *netsjes*). Leechedútsk en Heechdútsk *nett* ‘aardich, kreas’ (en dêrwei ek yn guon East- en Noard-Fryske dialekten, lykas Sölring *net*) binne út it Frânsk ûntliend (De Vries & De Tollenaere 1997). Fering-Öömrang *natigi* ‘gebrûk meitsje fan’ (= Sölring *netigi*) en *natelk* ‘nuttich’ binne wol Fryske erfwurden en geane op de Aldeilânnoardfryske stam **nitt-* (mei de typysk Eilânnoardfryske untrûning fan /y/ > /i/) tebek.

Ek foar Ingelsk *neat* ‘kreas, fersoarge’ jout Klein (1971) ûntliening út it Frânsk. No sjogge wy in oerienkomst fan stamfokaal tusken oan de iene kant de Germaanske erfwurden Aldfrysk *nette* en Sölring *netigi* ‘gebrûk meitsje fan’ en oan de oare kant Wlfr. *net(sjes)*, Sölring *net* ‘aardich, kreas’ dy’t op Frânske *net* tebekgeane. It liket my net ûnmooglik ta dat yn it Ingelsk betizing fan erfurd en lienwurd plakfûn hat. Ingelsk *neat* kin formeel skoander fan Oergermaansk **neutja-* komme. Ferlykje dêrfoar mei deselde stamfokaal Ingelsk *dear* (Wlfr. *djoer*) < Oergermaansk **deurja-*. De betsjutting soe *neat* dan fan Frânsk *net* oerkrige hawwe. Jo soene der sels oan tinke kinne dat de betsjutting ‘kreas, netsjes’ (lykas it Fryske ‘mak’) út de betsjutting ‘profytlik, nuttich’ ûntwikkele is, faaks al mei stipe fan it Frânske *net*. Nêst *neat* besteane yn it Ingelsk ek *net* ‘netto’ en *natty* ‘kreas’ dy’t Klein (1971) ek út Frânsk *net* ôflaat. Om’t it fokalisme fan dy beide Ingelske wurden folle better by dat fan it Frânske *net* oanslút, liket my de hypoteze fan in Germaansk komôf fan *neat* noch net sa raar.

De betsjuttingsûntjouwing fan Aldfrysk **niūt* ta dy fan ús *nuet* stel ik my sa foar: fanút ‘profytlik, nuttich’ wei, hat it wurd yn ús Frysk de betsjutting ‘brûkber’ krige, dêrwei dan wer ‘goed te brûken’ en sa by eintsjebeslút ‘mak’. Dy ûntjouwing stiet net op himsels binnen it Germaansk. Besibbe oan de stam **neut-* binne Aldfryske *nât*, Mndl. *noot*, Ingelsk (argaysk) *neat*, Aldheechdútsk *noz*, Yslânsk *nautfé*, ‘hûsdier, fee, bisten’. It giet hjir om ‘nuttige’ en tagelyk ek ‘nuete’ dieren. It wurd *nôt/noat* hat syn oarsprong yn de besibbe Oergermaanske stam *nut-* te sykjen. *Nôt/noat* is formeel identyk oan it Nederlânske *genot* en hinget kwa betsjutting en kwa foarm gear mei *genietsje*. It *nôt/noat* is dat wat je genietsje fan it lân (sj. WFT 14, artikel *nôt*).

D. Beslút

It Wlfr. *nuet* is besibbe oan in Skandinavysk (en mûlk ek Ingelsk) eigenskipswurd, dat op in Oergermaansk **neutja-* weromgiet en oarspronklik ‘profytlik, nuttich’ betsjutte. In eigenskipswurd *nutja-* mei deselde betsjutting kaam yn de kontinintaal Westgermaanske talen foar, mei ynbegryp fan it Aldfrysk. Yn it Eilânnoardfrysk is *nutja-* mei de oarspronklike umlaut en ûntrûning bewarre bleaun, yn it Wlfr. binne *nut* en *nuttich* oan it Nederlânsk ûntliend.

De twa Oergermaanske stammen binne dus hast folslein romtlike synonymen: *neutja-* yn it noarden, *nutja-* yn it suden, mei in oerlaap yn it Frysk. Wlfr. *nuet* hat in unike betsjuttingsûntjouwing meimakke en is úteinlik ‘mak’ wurden.

Egmondsk GLAAI, Sölring GLAAT

A. Foarmferskaat

Wangereagersk	<i>glattuu</i> ‘ûndjippe priel’
Sölring	<i>glaat</i> ‘Dünenschlucht’
Egmondsk	<i>glaai</i> ‘natuerlijke ingang in de duinen’
Ingelsk	<i>glade</i> ‘iepen plak yn de bosk’
Heechdútsk	<i>Glatze</i> ‘keale plasse’
Middelleechdútsk	<i>glate</i> ‘keale plasse’
Færøsk	<i>glaða</i> ‘reek(beaken), as reek opspattend wetter’

B. Etymologyen

Möller (1915), dy’t yn syn wurdboek fan it Sölring oars aardich rij is mei it opfieren fan parallellen út oare talen, wyt mar ien parallel fan Sölring *glaat*, nammentlik Ingelsk *glade*. Beide wurden tsjutte in iepening oan, de iene yn de duinen, de oare yn ’e bosk. Problematysk is yn myn eagen lykwols dat it Ingelske wurd in *-d-* hat, de Sölring en Wangereager foarmen in *-t(-)*. Árhamar (1968, 52, 68) neamt de Wanger-eager en Sölring foarmen ûnder it kopke ‘ins[el]-n[ord]fr[iesische] Reliktwörter’, mar behannelet se fierders etymologysk net.

Klein (1971) jout in treffende etymology fan Ingelsk *glade*. Hy bringt it wurd yn ferbining mei it eigenskipswurd *glad* “in its orig. sens ‘bright, clear’, hence *glade* means lit. ‘a bright, clear place’”. Hy ferwiist nei trije semantyske parallellen: Ingelsk *clearing*, Frânsk *clairière*, Heechdútsk *Lichtung*; alle trije ‘iepen plak yn ’e bosk’, alle trije foarme fan in wurd dat ‘ljocht, helder’ betsjut.

C. Besprek

De smelle basis dy’t wy hawwe foar it finen fan in etymology fan Sölring *glaat* wurdt justjes breder troch de fynst fan in wurd yn it Egmonder dialekt: *glaai* ‘natuerlijke ingang in de duinen’ (WED). It wurd slút yn betsjutting oan by it Sölring *glaat*. Mei it each op it foarkommen fan it wurd yn oare Fryske dialekten en it ûntbrekken derfan yn it Nederlânsk, hâld ik it hjir op in Frysk reliket yn it Egmondsk. It Egmondsk is in Noard-Hollânsk dialekt dat sterk liket op de streektalen yn West-Fryslân.³ Om’t it WED in foech idiotikon is en dus lang net de hiele wurdskat fan it Egmondsk beskriuwt, gryp ik by de rekonstruksjes dus geregeld nei foarbylden út it West-Frysk.

It leit it meast yn ‘e reden om *glaai* út in âlder **glade* ôf te liden, mei rekking fan /a/ yn iepen wurdlied, ynterfokalyske oergong fan /d/ > /j/ en oanslutend apokope fan auslautende /ə/. Mar der binne wat lûdhistoaryske tûkelteammen. De Egmonder wurdlust jout noch in pear gefallen mei <aai>: *aai* ‘aai’, *baaiegaar* ‘beide’, *graaie*⁴ ‘gûle’, *kwaaiachterklap* ‘rabberij’, *sekraai* ‘sûkerei’, *snaaie* ‘snobje’⁵, *verskaaiene* ‘ferskate’. Yn de measte gefallen giet de /a:i/ op in âldere /ei/ tebek, mar yn *kwaaiachterklap* op /a:d/.

De oergong fan ynterfokalyske /d/ > /j/ is yn it Hollânsk hiel gewoan, ferl. West-Frysk *raaie* ‘ride’ (mar dêrnêst *reide* ‘riede’). Yn wurden op in net-dutsen lûd lykwols is yn it Hollânsk de apokope faak âlder as de oergong /d/ > /j/ (Weijnen 1991, 132). Dat betsjut dat de /d/ yn auslaut komt te stean en dus net mear ynterfokalysk ta /j/ wurde

kin. Foarbylden binne: West-Frysk *laad*, *woid*, *roed* ‘laad, greide, roede’ en in útdruklik Egmondsk foarbyld: *sait an* ‘nêst’ (letterlik ‘side oan’). Wolle wy dus Egmondsk *glaai* op ien line sette mei Ingelsk *glade* dan sille wy oannimme moatte dat de foarm *glaai* analooch út it meartal of in gearstalling (ferl. *kwaaiachterklap*) ynfierd is. Der is in oar gefal mei in /a:i/ dy’t analooch út it meartal komt, dy’t. lykas *glaai*, ek weromgiet op in koarte /a/ yn iepen wurdlied foar /d/ + net-dutsen fokaal. It giet om West-Frysk *maai*, meartal *maai* < *made(n)* ‘maits(en)’ (Karsten 1934). De inkeltalfoarm mei lûdwettich beholden /d/ is noch te finen yn West-Frysk *maadjerighoid* ‘plante-sykte’ (Pannekeet 1984), mar de foarm mei /j/ koe dus blykber yn it inkeltal bedarje. No leit dat by maitsen ek aardich yn ‘e reden om’t jo dêr komselden ien tagelyk fan hawwe. By in ‘yngong yn ‘e dunen’ leit it primaat fan de meartalsfoarm wat minder yn ‘e reden. Mar om’t de betsjutting sa goed oanslút by it Ingelske en Sölring wurd, nim ik foar Egmondsk *glaai* dochs in âlder **glade* oan.

De Wangereager foarm *glattuu* giet op in Aldfrysk **glatu* tebek. Yn prinsipe wiist de Wangereager útgong *-uu* op in âlde *-ō*-stam, mar it Wangereager Aldfrysk hat dy útgong ek analooch yn de koartstammige *-n*-stammen ynfierd, bgl. *wüükuu* ‘Woche’, *swüüpuu* ‘Peitsche’ (Siebs 1901, 1345). Wy kinne dus ek in âlde froulike *n*-stam oannimme. Færøsk *glaða* is ek in *n*-stam. It Sölring jout hjir gjin útslútsel om’t alle auslautende lûden dêr ôffallen binne. Wat oerbliuwt is de tsjinstelling binnen it Noardsee-germaansk tusken de Sölring en Wangereager foarmen mei /t/ en de Ingelske en Egmondske foarmen mei /d/.

It komôf fan it wurd is oars net sa dreech en waard al neamd by Ingelsk *glade*. It hinget gear mei it Wlfr. eigenskipswurd *glêd*. De oarspronklike betsjutting fan *glêd* is ‘skinend, glimmend’. In glimmend skjirre oerflak is ‘glêd’, de betsjutting dy’t yn it kontinintaal Westgermaansk foar master opslacht. Yn it Noardgermaansk en Ingelsk is de betsjutting oergien op it sin, dus ‘bliid’ (tink oan Nederlânsk ‘een stralend humeur’). Dat glimmende, skinende koe ek op in ljocht, iepen plak slaan. De krekte betsjutting dêrfan wie fan it natuerlik fermidden ôfhinklik. Yn it Ingelsk hawwe wy in iepen plak yn de bosk, yn it Sölring en Egmondsk is dat oergien op in iepening yn de dunen. Yn de taal fan it waadeilân Wangereach is de betsjutting ‘iepening’ oergien yn ‘trochgong’ en sa fan tapassing rekke op in ûndjippe priel dy’t bewâde wurde koe en sa in trochgong bea oer it waad.

Yn oare talen bûten it Ingelsk en Frysk fine wy wjergaders fan Oergermaansk *glaðôn/glatôn*: Færøsk *glaða* ‘(opspattende) reek fan weagen (dy’t wyt is en yn de sinne skitterje kin)’, Heechdútsk *Glatze*, Middelleechedútsk *glate* ‘keale plasse’. Alle-gear binne se ôf te lieden fan de grûnbetsjutting ‘glimmend, skinend’.

Wy sjogge troch it hiele Germaanske taalgebiet dus in wiksel tusken foarmen mei /ð/ en /t/. It ÍOB ferwiist nei twa Yndo-europeeske foarmen **glê-dh-/ *glê-d-*. Dat dy foarmen ing besibbe binne, is dúdlik. Wy sjogge yn de sprieding rûchwei in tsjinstelling súd-east tsjin noard-west. De grins rint dan wol dwers troch it Fryske taalgebiet hinne. De Yndo-europeeske woartel **gleH-* < **g^hleH-*⁶ fine wy ek werom yn wurden as *glide*, *glimme*, *gleon*. De foarmen *glaðôn/glatôn* soe dan mei in woartelútweiding foarme wêze fan dy Yndo-europeeske woartel. De wiksel /ð/ ~/t/ past lykwols net yn in regelmjittige ûntjouwing fanút it Yndo-europeesk. Dêrom kin pre-Yndo-europees-

ke substraatynfloed ek net útsletten wurde (ferl. Kuiper 1995, benammen s. 68). Definityf útslútsel oer dit probleem is net te jaan.

D. Beslút

Yn it Oergermaansk bestie in froulike *n*-stam mei stamfokaal *-a-*, ôflieding fan de Yndo-europeeske woartel **g^hleH-* (glimmend, skinend). It dêropfolgjende bylûd koe yn it Oergermaansk wikselje tusken /ǣ/ en /u/: *glæðôn/glatôn*. Yn de Noardseegermaanske talen Ingelsk en Frysk hie it wurd de betsjutting fan ‘in ljocht, iepen plak’ en dêrwei ‘iepening, trochgong’. Ofhinklik fan it wenmiljeu (bosken, dunen, waadgebiet) krige it wurd syn spesifike betsjutting. Binnen it Noardseegermaansk fine wy de wiksel /t/d; de Ingelske en Egmonder foarmen wize tebek op *glæðôn*, de Wangereager en Sölring foarmen op *glatôn*.

Noaten

1. Mei tank oan Jarich Hoekstra, dy't my op dizze fermelding wiisde.
2. Mei tank oan Oebele Vries foar de ferwizing. De foarm *niäl* sa't er yn Holthausen (1985) stiet, moat Aldwlf. wêze. Aldfrysk /iu/ waard yn it Riustringer Aldfrysk foar dentalen ta <io>, mar is dêr net oerlevere. Yn it Awlfr. waard /iu/ algemien ta /jo:/ (Boersma 1939, 94, 95, dy't it wurd sitearret út de oarkonden as *nyoed-*).
3. Opfallende ferskillen mei it West-Frysk binne de ûntrûning yn it Egmondsk, bgl: *biert*, West-Frysk *buurt*; *derp*, West-Frysk *dûrp*, en it foarheaksel *e-* by ôfslutende mulwurden. Dat lêste komt ek foar yn it Saansk, it Wetterlân en op Marken.
4. Dit wurd komt ek foar yn it West-Frysk en Tesselsk, yn beide gefallen ek as *graaie*. Benammen de Tesselske foarm is hjir ynformatyf, om't dêr de âlde /ei/ as sadanich bewarre is (*beie* ‘beide’ (West-Frysk *baaie*), *skeide*, ‘skiede’ (West-Frysk *skaaie*). *Graaie* wiist dus op in âlde /a:i/ (ferl. Tess. *kraai*, *draaie*, *waaie*). It wurd komt yn it Wlfr. foar by Gysbert Japix: *mey herte-trienen*, *Graey ick to Dy om heag* (psalm 130, r. 7/8) It WFT hat noch in stekwurd *graaie*, mei lykwols allinnich ier-njoggentjinde-ieuske opjeften en de hypoteze dat it wurd oan Gysbert Japix ûntliend is. Fierders haw ik it fûn yn it Sölring: *grai* ‘weinerlich schreien’ (Möller, 1915). It WNT hat in stekwurd *greien*, mei allegear opjeften fan foar 1800 en sûnder etymologyske ferwizings. As fariant komt *graaïen* (yn ferskillende stavearringen) foar. De measte sitaten brûke ek dy lêste foarm. Alle oare oerlevere foarmen fan Tessel, Wlfr. en Sölring (ferl. foar de lêste ek *drai*, *wai* ‘draaie, waaie’) wize op in Aldfrysk **grāia*, dêr't ik fierders gjin wjergaders fan ken. Ik hâld Ndl. *greien* dan ek op in hyperkorrekte oanpassing fan dialektysk Hollânsk *graaie*. Möller (1915) wol in relaasje lizze mei Yslânsk *gráta*, Asaks. *gratan*, ‘gûle’. It leit wol yn ‘e reden dat sawol **grāia* as *gratan* weromgeane op Yndo-europeesk **g^her-* (Pokorny, 1994, 439).
5. De Vries/De Tollenaere (1997: *snaaie*) en Weijnen (1996: *snuien*, *sneuien*) komme beide net folle fierder as de Hollânske en Nedersaksyske foarmen mei-inoar yn ferbân te bringen. Weijnen wiist al noch op it lûdhistoarysk identike Nederlânske *snoeien*. As Oergermaanske grûnfoarm kinne wy **snoian* rekonstruearje. Ut de Nedersaksyske foarmen blykt dat it stamlûd umlaut krige. Yn it Frysk soe dêr ûntrûning op folge, sadat in Aldfrysk **snēia* ûntstean soe. Dat soe Nijfrysk *snaaie* wurde kinne (ferl. *kaai*, *maaie* < *kēi*, *mei*). In ferbân mei Yslânsk *snáð* ‘iten’ *snæða* ‘ite’ soe semantysk yn ‘e reden lizze, mar is formeel problema'tysk.
6. *H* stiet foar in laryngaal. Mei tank oan D. Boutkan foar de rekonstruksje en de oanbelangjende literatuerferwizings. Sjoch yn Pokorny (1943) s. 429 en 431.

Literatuer

- Århammar, N., 1968
'Die Herkunft des Inselnordfriesischen im Lichte der Wortgeographie'. Yn: *Philologia Frisica anno 1966*, Grins, s. 49-76.
- Boersma, J.S.H., 1939
De Friesche Oorkonden uit het archief van het St. Anthony-gasthuis te Leeuwarden. II. Amsterdam.
- Holthausen, F./D. Hofmann, 1985
Altfriesisches Wörterbuch. Zweite verbesserte Auflage von Dietrich Hofmann. Heidelberg.
- ÍOB = Ásgeir Blöndal Magnússon, 1989
Íslensk orðsifjabók. s.p..
- Karsten, J., 1934
Het Dialect van Drechtterland II. Purmerend.
- Klein, E., 1971
A Comprehensive etymological dictionary of the English Language. Amsterdam, Oxford, New York.
- Kloosterman, P., 1907
Het vocalisme der beklemtoonde lettergrepen van de Metslawierschen tongval, historisch uiteengezet. Groningen.
- Kuiper, F.B.J., 1995
'Gothic *bagms* and Old Icelandic *ylgr*'. Yn: *Nowele* 25, s. 63 - 88.
- Mensing, O., 1931
Schleswig-Holsteinisches Wörterbuch. Neumünster.
- Möller, B.P., 1915/1984
Söl'ring Uurterbok, Wörterbuch der Sylter Mundart. Vaduz/Liechtenstein.
- Pannekeet, J.A., 1984
Westfries Woordenboek. Wormerveer.
- Pokorny, J., 1943
Indogermanisches Etymologisches Wörterbuch. Tübingen/Basel.
- Siebs, Th., 1901
'Geschichte der friesischen Sprache'. Yn: *Grundriß der germanischen Philologie*, hrsg. von Hermann Paul, Bd. I. 2. Auflage, Straßburg 1901, s. 1152-1464.
- Vries, G. de, 2000
Oostfreesk Woordenboek. Leer.
- Vries, J. de & F. de Tollenaere, 1997²⁰
Etymologisch Woordenboek. Utrecht.
- Weijnen, A., 1991
Vergelijkende klankleer van de Nederlandse dialecten. 's-Gravenhage.
- Weijnen, A., 1996
Etymologisch dialectwoordenboek. Assen.
- WED, 1998=
Egmonds dialect, woorden en uitdrukkingen uit 'Derp'. [Uttefte yn eigen behear troch 'dialectgroep Derper dialect', útjûn troch fa. Dekker & Dekker.]
- WFT, 1980=
Wurdboek fan de Fryske Taal. Ljouwert.
- WNT, 1900=
Woordenboek van de Nederlandsche Taal. 's-Gravenhage, Leiden.